

## De ferkearde namme: it Striïdboun 'Fryslân Frij'

Piet Hemminga



### Ynliding

Koartlyn waard it *Striïdboun 'Fryslân Frij'* nochris wer omskreaun as in radikale streaming yn de Fryske Beweging. Om dat sizze te kinnen, ferwûst de skriuwer fan dy kwalifikaasje, Rob van Ginkel, nei in artikel fan Leo Bowna út 1952<sup>2</sup>. Bouma kwalifisearret it *Striïdboun* trouwens net as radikaal, mar skriuwt dat de foarsitter fan it *Striïdboun*, E.B. Folkertsma, faak as ekstreemste ekstremist sjoen wurdt. Dat docht net allinne oan modem Iraakeesk taalgebrûk tinken, mar is ek wat oars as Van Ginkel mieot konkludearje te kinnen. Van Ginkel hie noch better sjen kinnen nei wat de *Encyclopedie van Friesland* oer it *Striïdboun 'Fryslân Frij'* te sizzen hat.<sup>1</sup> Dan hie er lêze kinnen dat sawol yn it alfabetysk diel as yn it troch JH. Brouwer skreaune kompendium oer de Fryske Beweging, praat is fan in organisaasje foar de radikaalste eleminten út dy beweging. Op himsels hoege de radikaalste eleminten fan in beweging lykwols noch net radikaal te wêzen, of in radikale beweging te foarmjen, mar ôfsjoen dêr fan, it liket net alhiel sûoder belang om de fraach Dan de oarder te stellen oft it *Striïdboun* no werklik sa radikaal west hat.

Ik defmearje it begryp radikaal as (it neistribjen fan) in djip yngripende herfoarming fan it steatsbestel. Sa'n herfoarming is bygelyks it feroarjen fan de sintralistyske ienheidssteat yn in federaal stelsel, mei autonomy of selsbestjoer foar de dielgebieten op ien of mear mêden. In radikaal is fierders in persoan dy't ree is om de uterste konsekwinsjes fan syn stribjen te akseptearjen en syn dieden dêmei te rjochtsjen.<sup>4</sup> In beskate desintralisaasje binnen it besteande systeem soe ik net djip yngripend neame wolle. Yn dat gefal giet it dus net om in radikaal tinken of dwaan.

De fraach nei de radikalens fan it *Striïdboun* wol ik beânderje troch efterinoar te sjen nei it doel, lidmaatskip, wurk en de namme fan it *Striïdboun*. Ien en oar rint út op it beäntwurdzjen fan de fraach oft it op syn plak is om it *Striïdboun* as in radikale streaming te sjen. Om de ûoder-skate fragen beäntwurdzje te kinnen, haw ik sawol sjoen nei it bytsje literatuer dat oer it *Striïdboun* bestiet, de eigen stikken fan it *Striïdboun* yn hannen hân en praat mei trije âld-bestjoersleden fan it *Striïdboun*.<sup>5</sup>

### It oprjochtsjen fan it Striidsboun 'Fryslân Frij'

Yn oktober 1947 giet 'strang persoanlik/yn betrouwen' in skriuwen fan E.B. Folkertsma en A.M. Sustring de doar út, dêr't de 'achte hear' yn ûtnoege wurdt om byinoar te kommen om ernstich en yngeand te praten oer aksje ta selsbestjoer foar Fryslân.<sup>6</sup> 'Wy leauwe net dat wy jo it bilang, de needsaak, en de urginsje fan sa'n besprek neier hoege út te lizzen.' Op 1 novimber 1947 fynt dy gearkomste yn Ljouwert plak mei njoggentjin oanwêzigen. Folkertsma iepenet de gearsit. Hy lit fuortendaliks witte dat Wendelaar Bonga, Halbe Doele en Anne Wadman sympaty foar it ûndemimmen hawwe, mar net komme kinne. Professor Brouwer en Piter Wijbenga hawwe in oare gearkomst. M.S.E. Visser is siik en Bouke Tuinstra is ferkalden.<sup>7</sup> It ûnderwerp fan de gearkomste is de needsaak ta aksje. Neffens Folkertsma is it nedich om politike oplossings te finen. 'De hân mei it Ryk moat net forbrutsen wurde. Troeh desintralisaesje kin it Fryske libben bifeilige wurde en kin der in uij forbân tusken folk en steat groeie.' S. van Tuinen wiist der op dat Grins folie mear yn den Haach berikt as Fryslân dêr is gjin selsbestjoer foar nedich.<sup>9</sup> J. van Weringh seit dat it folk mei selsbestjoer lekker makke wurde moat. Mar tsjin Den Haach moat dat begryp net steld wurde.<sup>10</sup> Folkertsma: 'Wat ik wol, dat is koart en goed agearje! Yn de striid foar selsbestjoer moat de Biweging as sadanich net behelle wurde, dy moat fierd wurde troeh in aparte organisaesje. Fansels moatte wy de sympaty fan it folk hawwe, mar aktyf komt it net mear eftet in beweging. De kaeiposysjes moatte troch ûs beset wurde. Wy libje net mear yn in tiid fan demoktasy, mar fan oligarchy.'

Oan dy earste gearsit giet in stik fan Folkertsma yn *De Stim fan Fryslân* foarôf. Folkertsma, dy't haadredakteur fan dat 'Kristlik Frysk Wykbled' is, skriuwt:

**Lange jierren hawwe de Fryske biweging en it officium fan gemeente, provinsje en ryk byinoar lâns libbe. Mar biel komselden, dat hja hwat meinoar út to stean hienen en it nedich of gaedlik achten elkoars kunde to siikjen. De terreinen dêr't hja har wurk faunen, rekken elkaar mar inkeldris. De biweging hâldde har op it culturele mêd, en dan ek noch aerdich fier binnen de grinzen. Hja die oan taelbifoarding, skriftekennisse, skiednis fan plak, gea, 1311, propaganda foar eigen aerd, tradysjes, seden, sm. Alle gearre dingen dy't ia it frije maetskiplike libben bihearden en dêr't de oerheden har yndertiid mar amper mei bimuoiden..... Tagelyk foroare linkelytsen de idê oer de foech en 'e plicht fan de oerheit op cultureel terrein. It hearskjende bitinken waard nou, dat de oemeden har mei culturele dingen likefolle to bimuoijen hienen as mei ekonomyske en soasjale. Dat bigryp hat trochwurke, sels hwer't it it Frysk eigene oanbilange. En sa is de biweging yn it stadium fan ttochgeand contact en ûfiderhanneljen mei offisjele ynstânsjes kommen. Nou is ûnderhanneljen hwat oars as striden, agearjen of propagandameitsjen. It freget in oare toan, in oare taktyk, in oare styl. It giet tusken twa partijen. It giet oer in concreet punt. ... De bi-**

weging is oan 'e saek fan Fryslân fôrplichte, de wei nei de offisjele ynstânsjes net to mijen. Dat is yn dit stadium in needsaeklik diel fan har wurk. En safaek't hja mei dy ynstânsjes, fan 'e gemeentlike ôf oant 'e Hagemer ta, ûnderhannellet, moat hja ek dwaen hwat de ûndemanneler sines is. Rja moat har hâlde oan 'e regels fan it spul. Op sokke plakken hat it gjin sin, to kommen mei bigjinselforklearringen, frijheitsproklamaesjes of doktrinaire easken. Dêr hat men urgjinte dingen oan 'e oarder to stellen, saeklik to wêzen, jin to fafstean op 'e kunst fan taktyk en sels fan diplomaty. Dêr giet it net om it rjocht, mar om 'e winst ... Mar der is noch in kant oan 'e saek. It contact mei it officium mei net biskiede oer it fierdere wurk fan 'e biweging. Sa't wy forskine op it gemeentebûs, de provinsjale griffy of it ryksdepartemint, sa hoege wy ûs net to hâlden en to dragen op 'e sprekttribune, efter de skriuwtafel of oerler it folk. Dat is dê! bûten. Striid, propaganda, agitaasje hawwe har eigen taktyk. De ûnderhanneling makket mar in lyts diel fan de hiele aksje út. Ria is net oars as in moeting op in apart plak en yn in aparte foerhâlding. Hja bynt net fierder as forsafier't it, oer it punt fan bisprek ta ôfspraek komt. En dan ek noch mar tydlik, net langer as oan 'e folgjende ûnderhanneling ta. Der moat mei oare wurden alle frijheit fan biweging bliuwe. Op dy ûnderskieding komt alles oan.<sup>11</sup>

It sitaat makket dúdlik dat it de twa oprjochters om in nij orgaan giet dat de hannen frij hat om dy dingen te dwaan en te betinken dêr't de *Bewegingsried*, dêr't Folkertsma foarsitter fan is, yn syn gûvememintele ûntwikkeling net oan ta komt. De foarstap fan de beide mannen ta it oprjochtsjen fan it *Striïdboun* is earder in strategyske set as allirme it krewearjen fan twa mmantisy of dreamers, sûnder each foar de praktyske mooglikheden en gefolgen.<sup>12</sup> Dêrnei is myn hjoeddeisk oardiel hiel wat positiver as dat fan P. G. yn it *Nieuwsblad van Friesland* fan 30 april 1948.<sup>13</sup> P. G. skriuwt in stik mei as titel 'Willen de Friezen een zelfstandig Friesland?' P. G. stelt fêst dat de Fryske parse oant dan noch net folle oer de aksje fan it *Striïdboun* skreaun hat en dat de parse yn oare parten fan it lân him der ta beheind hat 'de zaak: bespottelijk te maken'. Neffens P. G. is de aksje foar selsbestjoer bot ûntaktysk opset. Hoewol't men wit dat sawol it provinsjaal bestjoer as de Fryske Beweging striid fiere tsjin ûnrjochtfeardige tastannen, 'gaan enkele personen, die van culturele zaken méér kaas gegeten hebben dan van Staatsinrichting, een actie op touw zetten voor een staatkundige hervorming, waarvan zij zelf de draagwijdte bij lange na niet kunnen overzien'. P. G. seit fierders: 'Men droomt zich iets, waarvan geen enkele serieuze berekening is gemaakt.'<sup>14</sup>

De foarstap fan Folkertsma en Sustring ta steatkundige feroaring stiet trouwens net op himsels. Ik kom dêr fierdemp noch op wemm, mar ik wol op dit plak de konferinsje foar regionale bewegings neame, sa't dy op 17, 18 en 19 oktober 1947 op de folkshegeskoalle Allardseach holden waard.<sup>15</sup> It liket derop as hat dy konferinsje 'Appel der buitengewesten' it

fermint west om de uttloeging foar it oprjochtsjen fan it *Striidboun* de doar út gean te litten. Folkertsma skriuwt dêroer:

**Hokker fortuten hat dizze moeting nou dien? Gjinnent yn 'e uterdike sin fan útstelde forklearringen, foamommen organisearring en opmakke plannen. Der is hwat belangrakers bard: tarissing foar in front ... . Dêmeist is like klear nei fuaren bracht en kommen de aparte posysje fan Fryslân. ... De twadde deis waerd fan 'e kant fan deselde biweging de eask fan selsbistjûr fuar Fryslân steld. Dat makke fansels reäksjes yn 'e gearkomste geande, mar it krige ek bigryp en seis byfal. Linthorst Homan seach bi-swieren, mar Fryslâns histoarysk rjocht op 'e status fan selsbistjûr joech er ta. Jen fan 'e secretarissen-generael gyng net fierder as dat er de Friezen warskôge foar de formulearing fan 'e eask.<sup>16</sup>**

De uttloeging dy't yn oktober 1947 'strang persoanlik/yn betrouwen' de doar út giet, draacht gjin datum, mar sjoen it feit dat de gearkomste op 1 novimber plak fynt, si! dy sa om ende by 25 oktober ferstjoerd wêze.

Fjirtjin dagen letter skriuwt Folkertsma yn *De Stim fan Fryslân*:

Yn en troch striid allinnich hat Fryslân takomst. Striidt it net of, hwat op itselde delkomt, slean, dan is de dea syn foarlân.... Hwat de biweging to dwaen hat, wiist him dêrom fansels. It is yn 'e earste pleats wurk, bou, skepping oan Fryslân, dat de ûngûnstige machtsforhâlding, forsafier't dy oan arheidzjen en skeppen leit, al neigeraden mear yn 'e like komme mei. It is yn 'e twadde pleats tagelyk striid, forwar, forset, it Fryske folk ûntofreden meitsje, it Ûffororaechsum meitsje, it bolbjurken meitsje, it opsette om net to stjerren, mar to libjen, it opsette om gjin jiske to wêzen mar fjûr, it opsette ta gloede, glâns, eare, ftijheit, libben, It is yn 'e tredde pleats tagelyk ûnderhanling, compromis, ûntspanning, om minsklik to bliuwen, it forbân mei de wurklikheid to hâlden en jin to oriëntearjen op fierderop.

Op 14 en 21 novimber skriuwt Folkertsma, op 'e nij yn syn haadartikel yn *De Stim fan Fryslân* oet de foar de takomst fan Fryslân needsaaklike spanning. En op 28 novimber folget in haadartikel 'Balstien yn 'e fiver'. Hy seit dêryn:

De Fryske biweging giet foar it greate krityske formidden yn. Fryslân en dat is hja ek, heart hja alteast te wêzen. Rja hat gjin tofredenheit to preekjen, mar striid oan te sizzen.

Nei de earste gearkomste fan 1 novimber 1947, folge nije gearkomsten op 14 en 21 novimber 1947 en 16 jannewaris 1948. Op dy lêste gearkomste falt it beslut ta it oprjochtsjen fan it striidbouo. In konseptkarbrief is in wike earder troch in lytse kommisje by Sustring thús taret. Ta de earste bestjoersleden hearre E.E. Folkertsma, G.A. Gezelle Meerburg, MJ de Haan, A.M. Sustring, en P. Wijbenga.

Sustring soe letter de opskuor dy't it oprjochtsjen fan it *Striidboun* joech yn it **sin bringe**. 'Separatisme, in eigen steat, in grinspost by Wolvegea en ien op 'e Ofslutdyk'. Dat wienen gjalpen dy't dudlik makken dat de skriuwers it **karbrief** fan de ruje organisaasje der net by hân hienen. Neffens Sustring wie it **benammen** it punt fan de útsûnderingsposysje foar Fryslân op it mêd fan gemeente- en provinsjale finânsjes en fan yndustrialisaasje en kultuer, dat oanlieding joech ta ûnbidige wjerstân ûnder it motto: 'Wij zijn toch allemaal Nederlanders'.<sup>17</sup>

JH. Brouwer skriuwt op 7 augustus 1948 in **artikel** op de foarste side fan *De Groene Amsterdammer* dat ûnder de titel 'Friesland vrij?' en nei alle kommoasje de 'aangelegenheid nog eens nuchter en rustig' besjen wol." Brouwer set it oprjochtsjen fan it *Striidboun* yn it breder ramt fan de skiednis en de aktuele diskusjes oer plak en foech fan de provinsjes. Hy makket ek dudlik dat it by it *Striidboun* net om 'jonge heethoofden' giet, **mar dat it mar better is om it Striidboun serius te nimmen, dêr't 'mensen** van middelbare leeftiid ... **naar verhouding** goed m] vertegenwoordigd zijn.' Dat is in hiel wat dreger opfening as dy fan de Snitser U. Woudstra dy't yn 1949 witte lit 'Uw bond beschouw ik als een vereeniging van dwaze mensen!'

### De doelen fan it *Striidboun* yn it ramt fan de tiid

Kêst twa fan it **karbrief** fan de nije feriening seit: 'Utgeande fan it selsstannich bistean fan it Fryske folk en it Ryk fergjend op syn plicht dy selsstannichheit ek to erkennen, wol dit Striidboun komme ta selsbistjûr foar Fryslân binnen it Nederlânske Ryk.' It tredde kêst jout dêmei in fierdere ynfolling fan de doelen fan it *Boun*:

It Striidboun wol in steatsrjochterlike **forhâlding** mei dat Ryk, hweryn Fryslân eigen bilêstingen heft en eigen **finânsjes** bibear, syn ynkomsten en útjeften sels regelet, **syn eigen oerheden en amtners kiest of bineamt, greater foech op it stik fan rjocht en rjochtspraek, eigen rjochters en eigen polysje hat, culturele autonomy bisit, alderearst op it stik fan it ûnderwiis, en de eigen soasjael-ekonomyske dingen sels birêdt. It wol dus selsbistjûr yn dy mjitte, dat dat allinne bigrinzge wurdt troch de easken fan it Ryksfarbân en goede federative oparheiding mei de oare Ryksdielen.**

It fjirde kêst giet op de oanpak fan it *Boun* yn, lykas aktivearjen, bestudearjen, foarljochtsjen en aksjefieren.

Hat Folkertsma it yn de gearkomste fan 1 novimber 1947 noch oer desintralisaasje fan oerheidsfoech, oaren hawwe it oer selsbestjoer. Dêr sil Folkertsma neat op tsjin hân hawwe. Hy is yn 1930 ommers de skriuwer fan de brosjuere *Selrbistjûr for Fryslân*. Dy brosjuere begjint mei in retoaryske fraach: 'Leaut ien fen jimmen, det wy mei taelstriid, mei **litteraire** aksje allinnich it folk fen Fryslân winne? Leaut ien dat?'.<sup>19</sup> De

fraach al of gjin selsbestjoer leveret yn de gearkonlste fan de earste novimber 1947 de nedige diskusje op, want net elkenien is mei it stribjen nei selsbestjoer ynnommen. Sa merkt MJ de Haan yn de gearkomste fan 21 novimber 1947 op dat it Fryske folk net oan selsbestjoer leaut. Dochs kin dy gearkomste har yn it brûken fan it begryp selsbestjoer fme, om't oerfreegjen yn Den Haach mooglik desintralisaasje oplevert

Desintralisaasje wie suver in biedwurd yn dy jierren sa flak nei de oarloch. Piter Wijbenga skreau op fersyk fan de *Riedfan de Fryske Biweging* in rapport oer desintralisaasje, nei't dyselde *Biweging* rost fuortendaliks nei de Twadde Wrâldoarloch nei bûten kommen is mei de winsk ta desintralisaasje en mear autonomy foar it provinsjaal bestjoer.<sup>20</sup> De *Beweging* docht dat yn syn rapporten mei winsken oangeande polityk, lânbou, hannel, kultuer, keunst, Ûllderwiis, folkspropaganda, tsjerke en jongerein, sa't dy al yn de rin fan de oarloch gearstald binne.<sup>21</sup> Wijbenga wol yn syn rapport benammen de provinsjale bestjoerslaach fersterkje. De Kommissaris fan de Keninginne moat yn de fizy fan Wijbenga ek yn de takomst troch de Kroan beneamd wurde, mar dy moat op syn bar de boargemasters tenei beneame om sa de beneamings yn de provinsjale sfear te heljen en oan it Haachske toulûken te Ûltkommen. Krekt mei it each op de taal saenen rjochterlike autoriteiten ek troch it provinsjaal bestjoer beneamd wurde moatte. En, sa stelt Wijbenga, as ien departemint foar desintralisaasje yn de beneanaing komt is dat wol it Departement van Onderwijs, Kunsten en Wetenschappen. Hij wiist yn dat ferbân 'op de samenstelling van de lesrooster inzake geschiedenis, heemkunde, Friese taal, etc. In het algemeen dus aansluiting bij het streek-eigene.'

Wijbenga's rapport is ien fan de yngrediënten foar de op 10 jannewaris 1949 troch Deputearre Steaten fan Fryslân ynstelde *Provinciale Adviescommissie voor het Decentralisatievraagstuk*, dy't frege wurdt 'mede aandacht te schenken aan de positie van Friesland in Nederland.'<sup>22</sup> Fryslân is trouwens net de iennige provinsje dy't har op dat stuit mei it fraachstik fan de desintralisaasje dwaande hâldt. Grinslân en Seelân, deselde provinsjes dit har goed 150 jier earder mei Fryslân tsjin it sintralisme fan de Frânsen yn 1795 fersetten, stelle ek soartgelikense kommisjes yn. Dat stiet allegearre net los fan de troch it regear ynstelde *Commissie voor het herstel van de financiële zelfstandigheid van de Gemeenten en Provinciën*, de saneamde steatskommisje-Oud. De Fryske kommisje, Ûllder foarsitterskip fan mr. A.A.M. van der Meulen, moat in represintatyf byld jaan fan de opfettings yn Fryslân oangeande it desintralisaasjefraachstik.<sup>24</sup> Op 9 maaie 1951 wurdt it advys fan de kommisje nei bûten ta brocht. De breed gearstalde kommisje is net ienriedich oangeande de út te stellen steatsrjochtlike feroarings, mar is it wol iens om gjin bysÛldere steatsrjochtlike posysje foar Fryslân binnen it keninkryk oan te rieden." It tinken oan selsbestjoer fan *Striidboun* en Folkertsma kriget dus gjin stipe. De provinsjale advyskommisje mient dat de bysÛldere, benammen kulturele en histoaryske omstannichheden wol fundearre oanspraak jouwe op fol-

dwaande regelings- en bestjoersfoech om eigen aard en wêzen hâlde en fierders ûntjaan te kinnen. Mar dat soe foar it Frysk beheind wurde kinne ta allinne inkelde administratyfrjochrlike bepalings. Foar it brûken fan it Frysk yn it arrlik- en it rjochtsferkear achtet de kommisje de praktyske beswieren te grut en it tal belanghawwenden te lyts om aan taalwetten te tinken. Dat soe earst feroarje as it giet om in 'voldoende uitgegroeid' wêzen fan it taalgebrûk! Yn dat gefal, sa skriuwt de kommisje, kin de wet de folsleine lykstelling fan it Frysk en Nederlânsk yn Fryslân fêstlizze.<sup>26</sup> Ofsjoen fan in formele regeling pleitet de kommisje foar it troch de oanbelangjende oerheidsynstânsjes respektearjen en *con amore* oanfurdigjen fan it brûken fan it Frysk. De oerheid soe fierders it ootwikkelingsproses yn Fryslân sekuer folgje maatte en mei wiis belied it krekte momint kieze maatte om de formele twataligens yn Fryslân yn te fieren. De kommisje is mei oare wurden fan miening dat it momint noch net kommen is om it taalgebrûk, mei útsoedermg fan it aflizzen fan de eed, te regeijen.<sup>27</sup> Wat it ooderwiis oanbelanget komt de kommisje ek net yn de buert fan it tinken fan Folkertsrna c.s." De kommisje is mumers fan betinken dat it rjocht om it Frysk as fiertaal op de legere skoalle te brûken gjin werlike ferankering nedich hat, om't it om in fanselssprekend natoerrjocht fan it Fryske folk gean soe. De wetlike mooglikheid om it Frysk as streektaal by it fak Nederlânsk te oederwizen, sa't dy soot 1937 bestiet, achtet de kommisje lykwols OObefredigjend. It Frysk soe as lesfak yn de list fan fakultative fakken opnommen wurde moatte.<sup>9</sup>

It foargeande lit net allinne sjen dat it *Stridboun* syn gelyk net fuortendaliks kriget, mar ek dat it tinken aan desintralisaasje yn de jierren sa flak nei de oarloch tige aktueel is en slim radikaal nearnd wurde kin. Dat komt yn Nederlân ooder mear nei foaren yn it ynstellen fan provinsjale desintralisaasjekommisjes en ek it ferskinen fan alrademyske stúdzjes op it oanbelangjend mêd. *Zelfbestuur Of Afhankelijke Decentralisatie* hjit it proefskrift út 1935 fan L.J.M. Beel." In jier letter promovearret W. van Oorschot op de autonomie fan de gemeente.<sup>31</sup> En AJ Romijn promovearret yn 1946 op in dissertaasje *Autonomie en Zelfbestuur* dat in ferliking makket tusken Dútsk en Nederlânsk gemeenterjocht.<sup>32</sup> Al earder, yn 1928, docht 't Hooft in ferlykjende stúdzje nei autonomyen selsbestjoer yn West-Europa." En yn it bûtenlân freget de autonomy foar bygelyks Súd-Tirol en al earder dy foar de Ålands it nedige omtinken.<sup>34</sup> Ik wit net hoe't it Nederlânsk regear krekt op dy bûtenlânske ootwikkelings reageard hat, mar ik wol suver net leauwe dat men dêr yn Den Haach bot fan wekker lein hat.

## Lidmaatskip, wurk en namme

### *It lidmaatskip*

De fraach wa't lid wie en hoefolle leden it *Striidboun hân* hat, hat altiten de nedige **geheimsinnigens** om **him hinne hân**. Dat begûn al mei de ûtnoeging foar de earste gearkomste fan it *Boun* dêr't de wurden 'strang persoanlik/yn betrouwen' op steane. Letter begjinne bygelyks de jierferslaggen fan it bestjoer ek mei de opmerking 'Fortroulik, allinne foar leden en stipers'. In sktiuwen fan 1 jannewaris 1950, rjochte oan de leden en dat oer de fraach giet hoe te srimmen by de kommende steateferkiezings, begjint mei de warskâging 'Fortroulik'. Beskate leden steane by it beteljen fan de kontribûsje of korresponclinsje mei it bestjoer ek mear as ien kear op fertroulikens oan."

Sustring sktiuw dat hûderten lid of stiper waarden, it oantal soe tsjin de njoggenhûdert lein hawwe.<sup>36</sup> Dat is foar Fryske seiskippen, seis sa krekt nei de oarloch, gjin leech tal. Ik wol ek net leauwe dat it safolle west hawwe. As de nammen yn de twa ledeboeken teld wurde en ferlike wurde mei de betelle kontribûsjes yn it **kasboek** fan it *Boun*, kom ik net fierder as op syn meast twahûdert leden. Dat wie it tal dat it *Boun* yn 1949 as lid hie. Yn 1955 wie dat wakker itselde tal: 192 en yn 1965 wienen noch 142 minsken lid fan it *Boun*.

Wa waarden lid? Folkertsma hat it yn 1948 Oer it yn in bûu gean fan mannen út ûnderskaat **fermidden**: 'biweging, **lânbou**, ideële cultuer, hannel en bidriuw'.<sup>37</sup> Sustring hat it oer de 'yntelligintsia' fan **Fryslân**, dat wol sizze 'foaroansteande en rinkende minsken út alle birop en amt: arbeiders en artysten, boeren en sakelju, Iju út it ûnderwiis, it leger, **middel-** en heger ûnderwiis, riedsleden en steateleden, keamerleden en amtners.'" As ik de nammen sa **bylâns** rin dan binne it dochs foaral minsken dy't earder warber wienen yn ien fan de Fryske studinteskippen, leden fan it *Krist/ik Frysk Selskip*, it **fermidden** dêr't Folkertsma al tsientallen jierren sa'n wichtige rol yn spile, en fierders (**âld-**)Ieden fan it *Boun fan Frysk-Nasjonale Jongerein* en beskate Iju dy't letter noch in rol spylje soenen yn de *Fryske Nasjonale Partij* dy't yn 1962 oprjochte waard. It keamerlid J.H. Scheps is ek lid, mar immen as J.H. Brouwer sil men fergees op de ledelist sykje.<sup>39</sup>

As mei hjoeddeiske eagen nei it ledebestân fan it *Striidboun* sjoen wurdt, is der net folie op tsjin om kwalifikaasjes lykas 'mannen út ûnderskaat **fermidden**' of 'de 'yntelligintsia' fan **Fryslân**, sa't Folkertsma en Sustring dat dien hawwe, oer te nimmen. Fan in bûnt ferskaat fan radikalen is perfoarst gjin praat. Fan radikalisme, yn de betsjutting dat de yndividuele leden ree lykje te wêzen om de uterste konsekwinsjes fan de neistribbe doelen te akseptearjen, bin ik gjin bewizen tsjin kommen. Krektoarsom, it giet om in achtber seiskip fan foaral, mar net allinne, manlju dy't de maatskippij yn allerhanne beroppen tsjinje en foar wa't it



krewearjen fan it *Striidboun* dochs foaral willewurk west hat.<sup>40</sup> Radikalisme liket sawol yn *har* bestean as dwaan en litten oer it geheraa\ fier te sykjen. Foarsitter Folkertsma *hâldt* der radikale ideeën op nei, *mar* yn it *Striidboun* leit er him al hurd del by it ynslaan fan in hiel wat minder radikale wei.

### Itwurk

It *Striidboun* hat him foaral op en mei papier flink ward. It giet om wat it *Bounsbestjoer* sels skriftlike propaganda neamt. Yn it bestean fan it *Striidboun* binne meielkoar 56 nûffiers fan *Wy Sels (!)* ferskynd.<sup>41</sup> It earste nûffier fan *Wy Sels*, dat oant 1953 mei en dêmei sûnder utropteken en yn ûnderskate formaten ferskynt, is in oprop oan de út Nederlânsk Ynje weromkommen Fryske soldaten om *har* no foar in frij Fryslân yn te setten.<sup>42</sup> Dat wollykwols net sizze dat it om in oprop giet om de wapens *mar* op te nimmen. It lêste nûffier ferskynt yn 1971 en giet oer in ferskaat fan doe brannende kwestjes: de bou fan de nije sintrale, it behâld fan de spoarstasjons tusken Stanun en Snits, it belang fan it *Frysk Orkest* en 'no't *Kingma's Bank* ek opgean is yn in hollânske greatbank', it belang fan de *Fn'esfand Bank*: 'Dieden moatte wy ha, alle Friezen nei de Fryslânbank.'<sup>43</sup> Nei't yn in nûffier earder noch krityske reaksjes op de beneaming fan mr. H. Rijkstra ta kommissaris fan de Keninginne te lêzen binne, jout it lêste nûffier fan *Wy Sels* in kompliment oan de famylje Rijkstra om reden dat hja it besluit nommen hawwe net yn it 'paleis' te residearjen mar *har* yn in Ljouwerter doktershûs nei wenjen te setten.

It foarlêste nûffier giet yn op de strategy fan it *Striidboun* yn it gefal fan de kommissarisbeneaming. 'Hwat ha wy dien om ien fan ús kandidaten bineamd to krijen. In pear adressen stjûre jowt neat. Wolle wy ús jilde litte dan moatte wy in foarbyld nimme oan de 'studenten' en spektakel meitsje. Mar ... dat leit de Fries net, de *tastân* moat dan al min wêze' Dy konstatearring wurdt dien nei't it sa radikaal achte *Striidboun* sawat fiifentweintich jier in papieren striid levere hat mei it fersprieden fan struibrieven, it stjoeren fan adressen, it jaan fan stimadvizen en it tarieden fan publikaasjes, sûnder ek mar ien kear ta wat radikaler foarmen fan aksje oer te gean.

*Wy Sels* is net it iennige dêr't it *Striidboun* mei nei bûten ta komt. Yn 1949 komt it *Striidboun* mei in 32 siden tellende brosjure oer it fuodjocht: 'Is Friesland een lastpost voor het Rijk?' Doel fan dy brosjure is it anderjen op de krytyk, sa't dy yn de kommentaren op it oprjochtsjen fan it *Stiidboun* te hearren wienen, as soe Fryslân hirn sûnder Ryksstipe net rêde kinne. It giet winliken om de serieuze berekening dêr't P.G. yn syn stik fan 30 april 1948 fan sein hat dat dy mist. 'Het rapport is strikt wetenschappelijk gehouden. Dit moest wel omdat het bestemd is voor publicatie en wij veronderstellen, dat velen zullen

proberen enkele conclusies aan te vechten, althans een poging daartoe wagen. **Daarom** hebben wij niet getracht een populaire uitgave te verzorgen. Alle berekeningen kunnen thans gecontroleerd worden, argumentatie methode getoetst.' It *Striïdboun!tie* it *Nederlands Economisch Instituut* yn Rotterdam oan it rekkenjen set. Foar it yn 1948 net lytse bedrach fan goed tûzen gûne, giet drs. J. Hartog fan dat **renommearre ynstitút** oan de slach. Hy berekkenet ûnder **mear** dat de ryksutjeften foar Fryshûn yn 1943 in bedrach fan 83.378.000 gûne telle en dat dêr in bedrach fan 60.433.000 gûne oan Fryske ynkomsten **foaroer** stiet. Hoewol't it *Striïdboun* der **graach** op **wize** mei dat Fryslân altiten oan it efterste oer leit as it om ryksstipe giet, ferfollet it NEI-rapport letter gjin sichtbere funksje as it om it oardiel oer de ekonornyske situaasje fan Fryslân giet. Dat sil net los srean fan it feit dat it **tinken** oan selsbestjoer al gau gjin rol binnen it *Striïdboun* **mear** spilet.

De bestjoersleden fan it *Striïdboun* binne ek **fierders** mei de pin **warber**. Ta gelegertheid fan it bestigen fan de troan troch Juliana **wurdt** de nije keninginne in brief skreaun oer de Fryske nederen, problemen en winsken. In healjier **dêrfoar** kriget de minister fan **Binnenlânske Saken** in brief oer de **beneaming** fan boargemasters yn Fryslân. De Ministemed kriget in brief oangeande it op **mear** as ien plak beneamen fan ryksamtners yn Fryslân dy't gjin Fries binne of gjin belangstelling foar of kennis fan Fryslân hawwe. Minister Cals **wurdt** witte litten dat it *Striïdboun* **wurdearring** hat foar it foarmimmen fan de minister om it Frysk 'niet langer in de wet te laten onder het twijfelachtige hoofd **streektalen**.' Dochs is it *Striïdboun* teloarsteld om't de plannen fan de minister net fier genóch geane. Fryske gemeentebestjoeren kinne in brief ferwachtsje as net-Friezen as earste op twa- of trijetallen foar de beneaming ta skoalmaster set wurde. En de Ljouwerter Prokureur-Generaal **wurdt** skreaun oer it optreden fan de ûnder him fallende ofsier fan Justysje mr. F. Hollander yn de Kneppelfreed-saak. **Mar** it omtinken giet net allinne nei it offisium út, yn 1961 krije de iisklubs yn Fryslân in brief fan it *Striïdboun*. Dy wurdt frege om dochs foaral **Frysktalige** advertinsjes te pleatsen, Fryske flaggen op de iisbaan wapperje te litten en dêr Fryske lieten en muzyk **hearre** te litten. Plaknammen en de rol fan PTT op dat mêd freegje duorjend om omtinken. Kollega-Fryske-organisaasjes en befreone **persoanen** út organisaasjes en polityk wurde ek frege om te **tinken** om, of om stappen te ûndemimmen op it mêd fan Fryske/Frysktalige oangelegertheden.

It *Striïdboun* rjochtet him **fierders**, foaral yn de earste jierren fan syn bestean, net allinne op Fryslân, **mar** ek op saken oer de **grins** hinne. Yn 1948 **wurdt** de *Greatfryske Riedjôar Politike Saken* oprjochte.<sup>44</sup> Dat orgaan oppenearret him oer sawol de kwestje Helgolân as Siid-Sleeswyk yn dy jierren. Dêmei lykje lykwols Van der Schaafs wurden oer it *Greatfrysk Striïdboun*, sa't dat yn 1929 troch E.B. Folkertsrna en J.P. Wiersma

oprjochte waard, fan tapassing op de *Greatfryske Ried foar Politike Saken*: 'in hwat oodûdlike foriening dêr't letter nea net folle fan heard is.'<sup>45</sup>

It bliuwt lykwols het **allinne** by it skriuwen fan brieven of it fersprieden fan *Wy Seis*. In inkelde kear wurdt in joo yn de pravinsje holden, of iepenbier of op ûtnoeging. Sa komt it *Striïdboun* ooder mear yn De Rottefalle, Jutryp en Warkum. Fierders spilet it *Striïdboun* in ûnferwachte ral yn de kwestje Drylts yn 1952. Op 29 augustus fan dat jier giet it yn de gemeenteried fan Drylts om in moasje ta it ynfieren fan Frysktalige strjitnammen. De boargemaster, mr. J. Oppedijk, grypt dy gelegenheid aan om de Fryske Beweging it rnanrtewaar op te sizzen. Hy seit, dat wat it *Striïdboun Fryslân Frij* neffens syn statuten winsket rebelly is:

**:rebellie die de toch al zo verminkte eenheid in de Nederlandse staat nog verder ondermijnt. Ik voel veel voor het Fries, maar de eenheid van Nederland is me duizend en tienduizendmaal liever .... Graag wil ik een oude taal bewaren, maar er geen politiek van maken. Dat werkt ontbindend in ons toch al zo verminkte vaderland. De Friese Beweging wekt haat en verdeeldheid, vennindert de volkskracht en ondennijnt de eenheid die we in deze tijd, nu wij leven op de rand van een krater en bedreigd worden door een derde wereldoorlog meer dan nodig hebben.**<sup>46</sup>

De mearderheid fan de gemeenteried slút him by de boargemaster aan. De moasje wurdt dêmei net mear yn stimming bracht.

In wike letter organisearje de *Bewegingsried* en it *Striïdboun* in iepenbiere gearkomste yn Drylts. Dêr aan foarôf geand wurde yn Drylts hûs aan hûs pamfletten ferspraat mei de tekst: 'Oppedijk aan de dijk'. Op de troch 450 minsken besochte gearkomste sprekke Piter Wijbenga, dy't nei de femeamde rede ferwiist dy't Pieter Sjoerds Gerbrandy op 4 desimber 1951 yn de Twadde Keamer holden hat<sup>47</sup> De Drylster riedsleden hawwe dêr, nei't it him foarkomt, neat fan leard. Fedde Schurer is de folgjende sprekker. Hij sprekkt oer 'Bûter, brea en griene tsiis'. De *Leeuwarder Courant* makket der yn syn krante fan trije septimber 1952 Hollânsk fan:

**Thans zijn er veel mensen die geen Fries willen in school, rechtszaal en vergadering. Dit is verdrukking en cultuurloosheid en ondergang in de massa en hiertegen zullen wij ons verzetten en er voor vechten, zolang wij leven. De Friese Beweging is een moderne beweging. Het is niet de klok eeuwen terug zetten. Wie zich als volk wil handhaven moet zijn taal in stand houden en daarom moet er leerplicht zijn. Friesland voert de strijd voor zijn recht Kan het dit niet doen, dan heeft het in een nieuwe oorlog nergens voor te vechten dan voor het totalitarisme. Dan vechten wij niet mee, want we zijn nu reeds getotaliseerd. Wordt vrij, want anders krijgen we weer oorlog.**

E.B. Folkertsma sit de gearkomste foar. Dy kriget by it fûnfreegjen ien fraach te beânderjen. Ien fan de oanwêzigen wol wolris witte wat dy ferskriklike kêsten fan it *Striïdboun* yoomde!

Nei it ferstjeITen fan Folkertsma soe it gau dien wêze mei de warberens fan it *Striïdboun*. Yn 1969 spilet de opfolging fan Kommissaris fan de Keninginne mr. R.P. Linthorst Homan en it *Striïdboun* freget syn leden om mei nammen fan gaadlike Friezen te kommen. Dy komme der yndied, mar sûnder resultaat. Der folget noch twaris in *Wy Seis*. Dêmei wurdt it stil fan de kant fan it *Striïdboun*. Op 31 desimber 1977 wurdt de einrekken opmakke. Tritich jier nei de oprjochting bliuwt A. M. Sustring, dit bestjoerslid west hat fan it begjin oant en mei de ein fan it *Striïdboun*, mei in tekoart fan 438, 42 gûne sitten.

As de warberens fan it *Striïdboun* sa neigien wurdt falle yn alle gefallen trije saken. op. Yn it foarste plak is it wol dat de organisaasje, sa't tsien jier nei it oprjochtsjen al skreaun waard, net wurden is wat der by de oprjochting mei bedoeld en fan ferwachte waard.<sup>48</sup> Fan selsbestjoer, autonomy of seis desinttalisaasje is nei safolle jielTen fan kreweatjen gjin praat. Yn it feidik dwaan en litten giet it omaris ek net oer selsbestjoer, autonomy of desinttalisaasje, mar oer taalsaken, - akkefytjes en net yn it lêste plak publike benearnings. Allegearre saken dit slim radikaal nearnd wurde kinne. Tagelyk moat fêststeld wurde, dat fan it begjin oant en mei de ein, it *Striïdboun* him yn syn publikaasjes op en oer allerhanne mêd fan it iepenbiere libben oppenearre hat. Oars as de *Riedfan de Fryske Beweging* hat it *Striïdboun* him nea beheind ta wat as taalbefoarding omskreaun wurde kin.

Yn it twadde plak moat opmurken wurde dat it *Striïdboun* dochs foaral in papieren tiger west hat. De pinne wie it wapen, *Wy Seis* it medium en it adres of direkte skriuwen it middel. Fan radikaler middels is gjin praat. Subversive aksjes binne net oan de oarder. Foarm en ynhd binne beide wakker gûvemerninteel. Dieden dy't sjoen wurde kinne as de uterste konsekwinsje fan it stribjen binne alhiel net oan de oarder. Dêrfoaroer set mr. J. Oppedijk, doetiids boargemaster fan de gemeente Drylts, it *Striïdboun* en de *Fryske Beweging* yn in kwea deiljocht, troch de gefolgen fan har kreweatjen folie slimmer foar te stellen as dêr't werklik praat fan is. Sa'n etikettearring is in wapen yn hannen fan de machthawwers.

Yn it tredde plak hat it *Striïdboun* yn syn útwurking fierder rikt as it foargeande tinken docht. Krekt om't de leden fan it *Striïdboun* ek yn allerhanne oare fermiddens operearren en yn mear as ien gefal foamame maatskiplike posysjes besetten, rikt de ynfloed grif folie fierder as wannear't it om in geheim en maatskiplik isolearre genoatskip gean soe. Yn dy sin kin Ieststeld wurde dat it *Striïdboun* pmfitearre hat fan wat de multipete ynklúzje fan syn leden neamd wurde kin.<sup>49</sup> Dat hat fansels ek te krijen mei de keazen middels. It *Striïdboun* hat foar de direktbelanghawwenden fierders it skaaimerke fan in 'tinktank' hân. Yn de earste jielTen fan it *Striïdboun* kaam it bestjoer alle wiken gear om mei-

elkoar oer de aktuele maatskiplike problemen te praten. Duorjend waard goed tasjoen en sa nedich it eigen lûd hearre litten. Mar fan radikale stânpunten is dochs winliken gjin praat.

### *Denamme*

As it karbrief, ledebestân en wurk fan it *Strjidsboun* net it etiket radikaal fertsjinje, dan bliuwt winliken mar ien ding oer en dat is de namme. Dy namme waard yn it *Strjidsboun* net sûnder diskusje keazen. Op 14 novimber 1947 seit M.J. de Haan yn de gearkomste fan it boun yn oprjochting, dat de namme striidboun him net noasket 'Wy binne oan frijdom ûndergien'. Fedde Schurer seit yn dyselde gearkomste dat de namme in kwestje fan taktyk is.<sup>50</sup> Op 21 novimber fan dat jier wurdt de diskusje fuortset. Der wurdt opmurken dat de tenn desintralisaasje by ministers en amtners better leit as it begryp selsbestjoer. Oaren sizze: oerfreegje leveret miskien desintralisaasje op. M.J. de Haan wit wat it Fryske folk leaut, yn alle gefallen net yn selsbestjoer. Van Weringh fynt de namme 'Fryslân Frij' fierstente romantysk. Op dy gearsit wurdt in karbriefkommisje ynsteld, dy't op 16 jannewaris in konsept op tafeliet. Dy jûn giet it oan en fan dy dei of stiet ek de namme fêst: *Strjidsboun Fryslân Frij*.

It begryp 'striidboun' wie net nij foar Fryslân. Al earder wie E.B. Folkertsma ommers anneks mei it oprjochtsjen fan it hjirfoar neamde *Greatfrysk Strjidsboun*. Fiif jier earder hearde Folkertsma ta de fjouwer oprjochters fan it *Kristlike Frysk Nacionaal Strjidsboun*, dat troch Van der Schaaf as in 'soarte fan militante efterrie' kwalifisearre wurdt.<sup>51</sup> It *Kristlike Frysk Nacionaal Strjidsboun* soe net mear as seis leden telle en yn 1929 op hâlde te bestean.<sup>52</sup>

De tenn 'striidboun' waard foar en nei de oarloch ek yn oare lannen brûkt, mar soe yn de rin fan de jierren yn ûnbrûk reitsje.<sup>53</sup> Letter soe yn Nederlân it begryp 'aksjegroep' yn de moade komme. Mar dat nimt net wei dat de kombinaasje 'striidboun' en it biedwurd 'Fryslân Frij' de ûnwittende skoger op syn minst de yndruk jout dat it om in militant selskip giet dat net fij fan separatisme is. Sûnder te witten wat it *Strjidsboun* foarstie, út bestie ofby de ein hân hat, leit, net yn it lêst binnen de Nederlânske en Fryske ferhllidings, it etiket radikaal al gau yn de reden. Dat it *Strjidsboun* feitlik nea oan dy kwalifikaasje foldien hat, is al gau minder nijsgjirrich as it oerein hâlden fan de mystyk fan in geheim(sinnich) en radikaal selskip.

## Konkhizje

Ta beslût: it wie myn doel om yn dit artikel nei te gean aft it *Smidboun* na werklik sa **radikaal** west hat, lykas koartlyn noch troch Van Ginkel opmurken waard. Om dy ftaach te beânderjen haw ik sa efterinoar sjoen nei doel, **ledebestân**, wurk en namme fan it *Striidboun*. Myn aardiel is dat it net op syn plak is om it *Striidboun* as in radikale **streaming** te sjen. Oars as de namme mooglik tinken docht, giet it by it *Striidboun* yn de **praktyk** net om in radikale herfoarming fan de **Nederlânske** sintralistyske ienheidssteat, mar om in beskate desintralisaasje fan foech. De **term selsbestjoer** mei yn it begjin brûkt wêze, yn werklikheid giet it stribjen net fierder as desintralisaasje. De dieden fan it *Striidboun* geane net folie fierder as it beskriuwen fan geduldich papier, en al gau oer hiel wat prozaysker saken as steatsrjochtlike feroarings. Wa't dan fierders **nochr**is nei it **ledebestân** fan it *Striidboun* sjocht, kin net ta in oare konklúzje komme as dat de namme *Striidboun 'Fryslân Prij'* de lading net dekt. Fan in radikale organisaasje is feitlik gjin praat.

## Noaten

- 1 Van Ginkel 1999, 216.
- 2 Bouma, 168.
- 3 *Encyclopedie von Friesland*, 101 en 609.
- 4 *Von Dale Groot Woordenboek der Nederlandse Taal* Utrecht en Antwerpen, 131999.
- 5 It **argyf** fan it *Striidboan* is sûut koart te **finen** by it *Frysk Letterkandich Museum en Dokumentaasjesintrum* **ooder nûmer 2001.036**. **Ik haw praat** mei prof. dr A Feitsma (17. 8. 2001), drs. G.A. Gezelle Meerburg (14. 8. 2001) en A.M. Sustring (22. 8. 2001). Op woansdei 19 septimber 2001, **ljouwer wike nei ús petear, kaam in ein oan it warbe:re libben fan A.M. Sustring**.
- 6 Eeltsje Boates Folkertsma (1893-1968) sLM bim yn 1916 bij de *Jongfryske Miemkip* oan, om dêr yn 1919 wer mei te brekken. Fan 1924 ôf is Folkertsma lieder fan it *Kristlik Frysk Se!skip*. Folkertsma is ien fan de liedende figuren fan de Fryske Beweging yn it ynterbellum. Hy sjocht syn troch de Bibel ynspirearre liederskip as ia histoaryske needsaak. Yn 1926 **jout er syn ûnderwize:rskip op om him hielendal oan de Fryske saal: wije te kinnen**. **Yn de oarloch is Folkertsma ien fan de trije leden fan de trije- en twamanskippen** dy't de Fryske Beweging sawol geande as yn suver far-wetter besykje te **hâlden**. Nei de oarloch is Folkertsma lid fan de redaksje fan it literêre tydskrift *De Tsjerne* en fan de redaksjeried fan it *Friesch Dagblad*. Oer RB. Folkertsma en syn ûnderskate fimksjes, sjoch De Haan 1970.  
Albertus Martein Sustring (1903–2001) wie goudsmid yn Ljouwert en **Snits** en lid fan it *Kristlik Frysk Se!skip*. Njonken syn bestjoerslidmaatskip fan it *Striidboun* (1948-1977) wie Sustring fan 1951-1975 foarsitter fan it *Friesch Scheepvaartmuseum yn Snits*, en fierders warber yn sawal de provinsjale as

- Snitsker skientmekommisje. De *Encyclopedie van het hedendaagse Friesland II*, 698, lit witte dat Sustring de skriuwer west hat fan de brosjure 'Friesland op de tweesprong' s.1.[1948], dit yndertiid nocha! wat opskuor joech. Sustring hat dy hrosjuere lykwols neffens **eigen sizen net skreaun**.
- 7 It binne foara! tritigers dit op de útneogmg afkommen binne of wat fan har hearre litten hawwe. Allinne S.E. Wendelaar Bonga (1887-1961), E. B. Folkertsma (1893-1968), A.M. Sustring (1903-2001) en M.S.E. Visser (1887-1971) hearre ta in âldere generaasje.
- 8 Folkertsma brûkt op dat punt de termen selsbestjoer en desintralisaasje troch elkoar. Giet it by desintralisaasje om de oerdracht fan beskate taken of beskaat foech fan in hegere nei in legere oerheid, selshestjoer of autonomy hâldt it selsstannich regeljen en bestjoeren fan de eigen oangelegenheden fan rjochtsntienskippen binnen in grutter gehiel yn. Yn it folkertjocht hâldt selsbestjoer it foech fan in net-soevereine steat yn om de ynteme oangelegenheden sels te regeljen. Yn it privaatrjocht hâldt autonomy it rjocht op selsbeskikking yn; dat wol sizze, dat it útoefenjen fan foech en it oangean fan rjochtsbannen oerlitten wurdt oan de fuje kar fan de belanghawwenden. Foar Folkertsma wie Switserlân it foarbyld hoe't it ek koe, sjoch Van der Schaaf 1970, 35.
- 9 De brnorren Reimer (1916) en Sybren van Tuinen (1913-1993) binne beide oanwêzich. S. van Tuinen wie net allinne sûnt 1946 boargemasterfan Dokkum en warber yn de bestjoeren fan de *Fryske Akademy* en *Fryske Kultuerried*, mar ek in sweager fan A.M. Sustring.
- 10 De sprekker fan dy wurden hat mooglik gjin weet hân fan it proefskrift dat de minister fan Alpine en Binnenlânske Saken fan dy dagen, dr. L.J.M. Beel (1902-1977) yn 1935 oan de Universiteit yn Nijmegen ferdigene bie. *Zelfbestuur Of afhankelelike decentralisatie?* is de titel fan it proefskrift dêr't de lettere ûnderkening fan Nederlân him foar in grûfwetlike regeling fan it selsbestjoer foar gemeenten en provinsjes útspruts (s. 131).
- 11 Folkertsma yn *De Slim fan Fryslân*, 31 oktober 1947.
- 12 Kalma (1970, 60) neamt Folkertsma 'in grutte dreamer'.
- 13 P.G. stiet foar Piet Grilk, it pseudonym dat de sjoemalist en skriuwer Pieter Terpstra brûkte. Hy skreau yn it *Nieuwsblad van Friesland*, 30 april 1948, nr. 52.
- 14 Yn it *Nieuwsblad van Friesland* fan respektivelik 16 en 23 april 1948 komme foar- en tsjinstanners fan de foarstap ta it Striïdboun oan it wurd. De Ljouwerter boargemaster Van der Meulen tinkt dat mear autonomy mooglik is, mar hâldt him fiewers op de flakte. Dr. W. Kok, letter direkteur fan de *Fryske Akademy*, fynt dat Den Haach de Friezen jaan moat wêr't hja rjocht op hawwe. R. Buisman, foarsitter fan de *Keamerfan Keaphannel* is och sa foar it Frysk, mar wúst it Striïdboun bot of: 'De shade die deze actie vele jonge Friezen doet, is nu reeds groot'. Ek de foarsitter fan it Bûn om Utens, J. Winkelman fan Amsterdam, moat neat fan it Striïdboun hawwe: 'Dit ferskuort de ienheid'.
- 15 De twadde *Allardseach*-konferinsje oer regionalisme waard holden op 9, 10 en 11 april 1948, mei as sprekkers ûnder roea! Piter Wijbenga, Jan Piebenga en op 'e nij dr. Jan Linthorst Roman. Feitlik organisator fan de konferinsjes is dr. H.G.W. van der Wielen (1903-1990), lieder fan *Allardseach* en bestjoerder fan ûnder mear de *Fryske Akademy* en de *Fryske Kultuerried*.

- 16 Folkertsma yn *De Stim fan Fryslân*, 24 oktober 1947.
- 17 Sustring 1970, 31.
- 18 JH. Brouwer, 'Friesland Vrij?', yn: *De Groene Amsterdammer*, 7 augustus 1948.
- 19 Folkertsma 1930, 3. Folkertsma jout as andert: 'Né, **krekt likemin** as de Flaemske Biweging foar de oarloch de **strid fen** it Flaemske folk wier, **kek.tlike min** as ien **literaire** aksje folkssaek wurden is. **Hwet mei de oarsaek wêze? It mei jimme noch tinke, det Húsman's** it mear as ienris hawn hat oer it nut fen 'e **Fryske** tael. **Hwent it folk sei: Hwet jowt it? Ho fier komt men der mei? Mar hy antwirde hjarren: Ho fier komt der net op oan. Ho heech en ho djip komt men der mei? Dat is it hjert fen 'e kwestje.'** En hy ferfettet
- 'De literatuer is ús seedlike **rjuchtfeardiging**, yn hjar komt **Fryslân** ta de **macht fen it wird**. **Mar om it folk to winnen, is it nedich det Fryslân** ta de macht fen 'e die, dat is ta de polityk komt. Beide **binne** nedich: **wird** en died, literatuer en polityk, de literatuer om forfette, de polityk om ynset to wurden. De twade reden, **dít** yen ta politike aksje for Fryslân **biweecht**, is **de twingende cid.... De steat wreidet syn macht hwet langer hwet fierder** en yngeander oer it libben út, en fen **gefolgen** wirdt de ynfloed fen 'e **politike partijen** aloan greater.... **Dêrom is it needsaek, det de Fryske biweging** ynfloed kriget yn 'e offisjele lichems en de **partijen**. Hâldthja har dêrbûten, den hâldt hja har **bûten in** great en wichtich die! fen it Fryske libben en **komt nea ta hjar folslein doel.... Us basis moat sa breed as Fryslân is. Dy** twa redenen **binne** it **dít** yen driuwe ta **in** Frysk-nationale polityk.'
- 20 Douwe Kalma (1973, 7) skriuwt yn septimber 1946 yn it mcdielingbled fan *De Jongfryske Mienskip*: 'As de Fryske biweging net op har iepenst is, si! **itmei de desintralisaesje gean as mei de Ûfiderrjocht-'fomijing'** yn **Hollân**, **sil hwat djippe, omfoarnjende eamst** wurde moast, **mei gauwens Ûltaerdzje** ta in ooskuldige en ûnnoazele moade-aksje mei greate wurden en kongressen en rapporten en boekdielen **theory, dít alles meïnoar neat foroarje** oan de wurklikheit. Sels de kommissaris fan **Fryslân ..** is nou foar in 'gepaste meerdere decentralisatie' **dêr't men út opmeitsje moat dat der ek in 'ongepaste' desintralisaesje wêze kin ..**'.
- 21 Folkertsma e.o. [1945]. Ta de Friezen dy't njonken de trije ûdertekeners Folkertsma, **JJ Kalma en KA. Rienks**, oan dy rapporten **har** mciwurlcing jûgen, **hearden** ûnder **mear F.J. Bergstra, G.J.A. Bouma, H. Hettema, J. Piebenga, B. Tuinstra, Sj.van der Schaaf, Fedde Schurer, A.Vondeling**, en de lettere deputearren **H.M. Gerbrandy en J.L. Hoogland**.
- 22 Wijbenga 1948, 124--25.
- 23 Provincie Friesland 1951, 11
- 24 Mr. **AA.M. van der Meulen** (1901-1993), boargemaster **fan** Ljouwert en tagelyk fraksjefoarsitter **fan** de **Partij** van de Arbeid yn Provinsjale Steaten.
- 25 **Yn de breed gearstalde kommisje komt men ûnder mear we! de nammen** tsjin **fan E.B. Folkertsma, Sj. van der Schaaf, S. van Tuinen, A. Vondeling en P. Wijbenga**. Folkertsma betanke op 24 maart 1951, krekt **foar** dat it **einrapport** utbrocht warde soe, **foar it lidmaatskip fan de kommisje**. Folkertsma kriget, sa skriuwt **Van der Schaaf (1977,351)**, yn de rekken dat it **Nede:rlânske steatsbestel him al wer yn de âlde foarmen fêst set hie, sa dat in Frysk stribjen om ta in mear federale struktuer te kommen net folie opleverje soe. It liket my lykwols earder sa ta dat de átkomsten fan de**



- provinsjale kommisje al te fier ófstienen fan dat wat Folkertsma foar eigen hie. It dragen fan meiferantwurdlikens foar it rapport waard dêrmei al te dreech.
- 26 Provincie Friesland 1951,45-49.
- 27 Douwe Kalma (1973, 52) skriuwt yn 1951: ' Symptomatysk foar de hiele biweging koe de lêste jierren de skiednis bg. fan it desintralesjesrapport wêze. Fortsjinstlik wurk wis, dat eamstich tarist wie; mar earst bitanket E.B. Folkertsma út dy gearstellende kommisje, en dan meitsje Deputearre Steaten dûdlik dat hja it nou fierders wolleauwe en it hiele Rapport al sa leaf foar kundskip oannimme; dat it boekje leit dêr, eu hat fierders alhnne histoarysk bilang.'
- 28 It *Striïdboun* skriuwt op 25 febrewaris 1953 in brief oan de minister fan Underwiis, Keunsten eu Wittenskippen dêr't it *Boun* yn dôdlik makket dat it Frysk hiel wat mear nedich hat as in fakultatyf talitten fan it Frysk as fiertaal yn de earste trije klassen fan de legere skoalle.
- 29 *Ibid* 90.
- 30 Sjoch noat 9.
- 31 Van Oorschot 1936.
- 32 Romijn 1946.
- 33 't Hooft 1928.
- 34 Lemer 1993, 83-86.
- 35 Sjoch ek: Sustring 1970, 31.
- 36 Sustring, *ibid*. It tal fan 900 leden is dêmei ek te fineu by Van der Schaaf 1977,386, en by Nota, 1985, 38.
- 37 *De Stim fan Fryslân*, 19 maart 1948.
- 38 Sustring 1970, 32.
- 39 Johaunes Hermanus Scheps (1900-1993) wie nei de oarloch oant 1967 ferneamd lid fan de Twadde Keamer foar de Partij van de Arbeid. Jelle Rindriks Brouwer (1900-1981) wie fan 1941 oant 1956 heecwearer Frysk oan de Grinzer Universiteit. Dêmei oant 1964 wittenskiplik direkteur fan de *Fryske Akademy*. Jeu fan de grutste jierlikse finansjele bydragen foar it *Boun* komt yn de jierren sechstich fan de direkteur fan ien fan de wichtichste finansjele ynstellings yn Fryslân.
- 40 Reimer van Tuinen docht by skriuwen fan 3 juny 1948 it bestjoer fan it *Stiïdboun* de suggestje oan de hân om it lidmaatskip ek foar froulju iepen te stellen. <My tinkt dy maarte der perfoarst hy. En fierders: soenen de gearkomsten der ek net appetijteliker mei wurde? Van Tuinen skriuwt dan fierders: 'Ik fomim nei oerlêzen dat dit net gaedlik is foar in archyf fan offisjele stikken. Dus jo jouwe it wol troch?'
- 41 Nûffier 56 is de *Wjy Sets* dy't as lêste ferskynd is. Twa nûmers drage it nûder 22, nûner 23 is net ferskynd.
- 42 It *Striïdboun* brûkt yn syn nanune earst in ótraptéken, dat lykwols, krekt Iyk as yn de nanune *Wjy Sets*, al gau ferdwynt.
- 43 Underwerpen dy't yn de rin fan de jierren yn *Wjy Sets* oan de oarder komme, binne ûnder mear it belang fan eigen belestingen; de spoarwegen ap it oarlachspaad; de kwestje fan de gemeeuteklassifikaasje, yndustrialisaasje; Frysk ûnderwiis; ekonomysk selsbestjoer; it amtlik. gefaar, de pasysje fan it Frysk en de emigraasje eu Fryslân. Yn de list fan Fryske periodikeu neffens earste jier fan ferskirren (Stienstra 1981), wurdt 1970 as lêste jier fan ferskinen foar *Wjy Seis* neamd. Sjoen it sitearjen fan *De Stiennen*

- Man* fan 7 augustus 1970 eu it *Friesch Dagblad* fan 24 novimber 1970 en rekken **hâldend mei de tiid anneks mei printsjen en ferstjoeren, soe it my gjin nij dwaan as it lêste nfunerfan *Wy Sels* noch yn 1971 utkommen is. De nûm.ers jouwe sels gjin datum of jier fan útjefte.**
- 44 D.A. Tamminga lit by skriuwen fan 12 april 1948 witte dat er gjin lid wurde wol fan dat orgaan. It hat, neffens him, gjin doel om de krêften ek noch op Noardfryslân te rjochtsjen, om't Fryslân it iennichste oerbliuwsei fan it âlde *MagnaFrisia* is.
- 45 Van der Schaaf 1977, 276.
- 46 *Leeuwarder Courant*, 30 augustus 1952.
- 47 De Broyn 1985, 159.
- 48 *Wy Sels*, nu. 33, Forslach strûdboun "Fryslân Frij!" Gaun.1955 oant september 1957) [3].
- 49 Termeer 1993, 36. Múltiple ynklúzje hâldt yn dat in organisaasje profitearret fan it feit dat syn leden ek lid binne fan noch oare sosjale ferbannen.
- 50 Fedde Schurer en frou winskje yn de nijjiersadvertinsjes fan *De Stim Jan Fryslân* fan 2 jaunewaris 1948 alle Friezen 'in strûdber 1948'.
- 51 Van der Schaaf 1977, 246. It *Kristlike Frysk Nasionaal Strûdboun* waard oprjochte troch Gerben Brouwer, Eeltsje Folkertsma, Iune de Joug en Fedde Schurer.
- 52 Koelstra 1970, 17.
- 53 De taaldatabank fan de *Fryske Akademy* makket dúdlik dat it wurd *strûd* it faakst brûkt wurdt yn de teksten út de jierren 1955-1964, folge troch it *túdre* 1945-1954. Tusken 1975-1984 en noch mear tusken 1985-1994 wurdt it brûken fan it wurd wat langer wat minder.

## Literatuer

- Beei, L.J.M. (1935), *Zelfbestuur Of ofhankelijke decentralisatie?* [Nijmegen].
- Bouma, L.H. (1952-1953), 'Een jaar na Kneppeifreed', yn: *Het Gemenebest* 13, 161-170.
- Broyn, J. de (1985), 'Gerbrandy als kamerlid', in: C. Brommer, D.Th. Kuiper en A. Postma (eds.), *Pieter Sjoerds Gerbrandy*. Wever, 125-167.
- Encyclopedie van Friesland* (1958). Amsterdam en Brossel.
- Encyclopedie van het hedendaagse Friesland* (1975), 2 dln. Leeuwarden.
- Folkertsma, E.B. (1930), *Selsbistjûr: Jor Fryslân*. Bolswert.
- Folkertsma, E.B. e.o. [1945], *Rapporten Friesche Beweging 1940-1945*. Leeuwarden.
- Ginkel, Rob van (1999), *Op zoek naar eigenheid. Denkbeelden en discussies over cultuur en identiteit in Nederland*. Den Haag.
- Haan, M-J. de (1970), *Man en Wurd. In bondel opstellen oer E.B. Folkertsma Jan minsken dy't him kend hawwe*. Ljouwert.
- 't Hooft, L-J. (1928), *Autonomie en Ze/bestuur in West-Europa*. Amsterdam.
- Kalma, Douwe (1973), 'De Fryske Wei. Nasjonale Opstellen út 1946--1951', yn: *Lyts Frisia* 22, 1-55.
- Kalma, J.J. (1970), 'Mei E.B.F. yn Trije- en Twamanskip', yn: De Haan 1970, 39-61.
- Koeistra, G. (1970), 'Ut de tweintiger jierren', yn: De Haan 1970, 11-17.

- Lerner, N. (1993), The Evolution of Minority Rights in **International Law**, yn: Catherine Brölmann, René Lefeher, Marjoleine Zied: (eds.), *Peoples and Minorities in International Law*. Dordrecht, Boston en Londen, 77-101.
- Nota, Dnrk (1985), 'RB. Folkertsma: De ivige kroanprins fan it Fryske nasjonalisme', yn: *Hjir* 4, 1-58.
- Oorschot, W.P.H. van (1936), *De autonomie van de gemeente in Nederland en in Nederlandsch-Indië*. Utrecht.
- Provincie Friesland (1951), *Rapport van de Provinciale Adviescommissie voor het Decentralisatievraagstuk*. [Leeuwarden].
- Romijn, A.J. (1946), *Autonomie en Zelfbestuur*. Alphen a./d. Rijn.
- Scha.af, Sj. van der (1970), 'Folkertsma syn federalistyske fisy', yn: *De Haan* 1970, 34-38.
- Scha.af, Sj. van der (1977), *Skiednisfan de Fryske Biweging*. Ljouwert.
- Stienstra, Andrys (1981), 'List fan Fryske periodiken neffens earste jier fan ferskinen', yn: *It Beaken* 43, 63-71.
- Sustring, A.M. (1970), , RB. Folkertsma en it Striidhoun', yn: *De Haan* 1970, 31-33.
- Termeer, CJAM. (1993), *Dynamiek en inertie rondom mestbeleid. Een studie naar veranderingsprocessen in het varkenshouderijnetwerk*. Den Haach.
- Wijhenga, P. (1948), *Decentralisatie: Een recht en een noodzakelijkheid* Franeker.

\_\_\_\_\_